

Reinder van der Leest eare mei eksposysje

Dichter, skriuwer en skilder Reinder Rienk van der Leest wurdt fan 't simmer tachtich jier. Foar útjouwerij Frysk en Frij oanlieding om op ûnderskate wizen omtinken oan syn wurk te jaan.

Expositie

Abe de Vries

Yn it fjirtjinde-ieske Mariatsjerkje fan Blessum waard sneon in eksposysje iepene fan Van der Leest syn byldzjend en literêr wurk. In fyftjintal skilderijen, ûntstien fan 1989 ôf, mar ek earste printingen en famyljefoto's binne byinoar brocht. Letter dit jier sille de acht detektives dy't Van der Leest yn 'e rin fan de jierren skreaun hat yn de Nier- en Dytterige sammele en yn ien bân útjûn wurde. Ek sil noch in essee oer de skriuwer ferskine mei in kollazje oer libben en wurk.

De eksposysje, mei de namme *Famkes feinten froulju*, is de ôftraap foar wat dus wol in Van der Leest-jier neamd wurde mei. It earbewiis oan de dichter en skriuwer is mear as terjochte. Van der Leest ferraste yn de jierren sechstich en santich mei koarte, boartlike taal- en klangeren, readymades, typografyske eksperiminten, irony en parody. Dat wie wat nijs yn de Fryske poëzij, dêr't fanâlds earnt en natoerlyk foar master opslaan. Net de ynhâld, mar it sykjen nei foarmen en de wille fan it meitsjen stiene foar Van der Leest foarop.

Yn 1981 waard him foar syn dichtbondel *Keunst en fleanwurk* (1979) de Gysbert Japicxpriis takend. Yn de earste printinge fan *Spiegel van de Friese poëzie* (1994) kaam syn dichtsjen yn de ynlieding oan de krappe ein, mar likegoed waarden seis fan syn fersen opnaam, mear as fan de measte Fryske dichters.

Keunstakademy

Mei syn skilderwurk is it dochts wat in oar ferhaal. Van der Leest woe as jongfeint graach nei de keunstakademy, mar dat mocht him doe net barre. Hy waard skoalmaster, earst yn Kuleboarch (1954-1959), doe yn Saandyk (1960-1966) en Ynskedee (1966-1988). Tsjin syn pinsoen oan besleat er syn âlde dream wier te meitsjen: hy skreaun him yn oan de keunstakademy fan Ynskedee en behelle yn 1991 it diploma. Alsa is syn byldzjend wurk net dat fan in autodidakt, mar it mist al wat fan de krêft en de eigenens fan syn literêre wurk.

Syn skildersfoarbylden binne Henri Matisse, Ernst Ludwig Kirchner en Roy Lichtenstein en dat is oan it eksposearre wurk ek ôf te

sjen. Van der Leest makket der sels ek gjin geheim fan; by de skilderijen hingje lytse printsjes fan wurk fan niisneamde skilders dat op ien of oare wize foar him in ynspraasjeboarne wie. Syn frouljusfigueren binne yn fauvistysk-ekspresjonistyske styl yn heldere, ierske kleuren skildere mei hjir en dêr in tûfke pop-art. „De skilder Cor Reisma sei tsjin my dat er noch noait sok Frânsk wurk fan in Fries sjoen hie”, sei Van der Leest yn Blessum.

Oade

Op ien fan de skilderijen hat er in Matisse-, in Kirchner- en in Lichtensteinfiguer byinoar brocht yn in oade oan dizze keunstners. De swakte fan it wurk is lykwols dat it net boppe syn oanlieding - bewûndering foar oarmans krewearjen - útstiget. It is knap 'neidien', mar it wol gjin eigen byldtaal wurde. Wat dat oanbelanget is der in treffende oerienkomst mei it tekenwurk fan de dichter Jan Wybenga, ferline jier ek útjûn troch Frysk en Frij. Ek syn tekenwurk koe net yn it skaad stean

Syn frouljusfigueren binne yn heldere, ierske kleuren skildere mei hjir en dêr in tûfke pop-art

fan syn dichtsjen. „Ik ha aardichheid oan it skilderjen sels”, sa relativearre Van der Leest syn skilderwurk. „Aardichheid oan it dwaan.” Skriuwe docht er net mear, sei er, skilderje noch wol.

It wachtsjen is, wat my oanbelanget, op in útjefte dêr't alle dichtwurk fan Van der Leest yn sammele wurdt. Want dêr leit it hert fan syn skriuwerij en syn krewearjen as keunstner. Dat syn kolderike speundersromans dit jier yn ien bân ferskine sille, is lykwols goed nijs foar de Fryske literatuer. In protte lêzers hawwe se, ûnterjochte, net krigen. Blykber wie it lêzerspublyk yn de jierren santich noch net ta oan ditsoarte proaza, in gearmjoks



Skilderijen, foto's en skriuwwurk fan Reinder van der Leest binne útstalt yn it tsjerkje fan Blessum.

Foto: Abe de Vries

fan spanning, satire, taalboarterij en kryptyk op de wolfeartssteat. Utjouwerij Frysk en Frij (yn ko-produksje mei útjouwerij Elikser) nimt wat dat oanbelanget it stokje oer fan Van der Leest syn eardere útjouwer, Venus fan generaasjegenooten Trinus Riemersma en Josse de Haan, yn it op 'e nij omtinken freegien foar de bysûndere skriuwerij fan dizze 'Fries om utens'.

De tsjerkje yn Blessum wie sneon

ek it toaniel fan mar leafst fjouwer boekpresintaasjes. De skriuwers binne allegear ek Friezen om utens. Omtinken wie der foar de nije roman *As gong dêr in oar* fan Leo Popma, de dichtbondel *Le Tour de Frise* fan Foppe Venema, de dichtbondel *Wakkerweromsjen* fan Matty de Vries (har langferwachte debút) en de bondel *Nestgear* mei biografyske oantinkens fan de soan fan Fokke Sierksma, Rypke Sierksma. Sang wie

der fan Matty de Vries, oargelspul fan Jaep Meems en Durk Brouwer.

Sa'n 120 besikers kamen op de middei ôf. „Nei alle gedachten is it lang lyn dat de tsjerkje hjir sa moai fol wie”, sei sprekstalmaster Jelle Bangma.

De eksposysje *Famkes feinten froulju* is oan't it ein fan it jier te sjen en is allinnich te besjen op ôfspraak, til. 058-2120035

Nei oanlieding fan Abe de Vries syn artikel yn it Friesch Dagblad (29 april 2013) oer de útstalling te Blessum fan myn byldzjend en literêr wurk.

Yn de literatuer wurdt ûnder yntertekstualiteit ferstien de wize wêrop't de iene tekst referearje kin oan in oare. Dat kin op heel ferskillende manieren, dêr't ferwizing ien fan is. Guon taalkundigen leauwe dat yntertekstualiteit de echte kondysje foar literatuer is. Dat alle teksten makke binne op it stramyn fan oare teksten, likefolle as de auteurs it beseffe of net. Dat leau ik ek en foar my jildt itselde yn de byldzjende keunst.

Op de útstalling hinget in skilderij fan my - *Modellen in het KLM-atelier* - dêr't trije frouljusfigueren op stean, dy't Kirchner, Lichtenstein en Matisse ris ien of mear kearen, mar wol oars, útbylde ha. Mei dy figueren haw ik nei myn referinsjekaders ferwiisd. Net myn bewûndering foar it krewearjen fan dy trije skilders útdrukking jûn. Myn skilderij is gjin oade en is net 'neidien', mar wol troch it op eigen wize byinoar bringen fan dy kaders 'nijdien'. It lit in gearmjuks sjen fan ferskillende eleminten.

Abe de Vries mei dêr 'gjin eigen byldtaal' yn sjen, der wienen en binne saakkundigen dy't krekt wol in persoanlik hânskrift yn myn fisueel ferhaal seagen. Dat wie ek sa by de oare skilderijen fan de útstalling.

'Ik ha aardichheid oan it skilderjen sels. Aardichheid oan it dwaan.' Dat is gjin relativearring fan myn skilderwurk, dat is gewoan in feit. Dêrom doch ik it, mar wol by riten. Dat is ek foar myn skriuwen it gefal. It is by my gjin moatten. Al fyn ik skilderjen om te dwaan krekt even moaier as skriuwen.

It komt by myn wurk - sawol it literêre as it byldzjende - faker foar dat it dwaande wêzen fan 'e minsken mei wat it betsjut, it sicht op wat it is fertsjusteret.

R.R. van der Leest



Modellen in het KLM-atelier, akryl op doek, 90x125 sm., 2011